„Wiglema state" to Grou langer as 100 jier yn de famylje De Vries

Ien fan de pleatsen yn it Grouster Hôflân dy't ik op myn listke hie, om eat oer to skriuwen wie „Wiglema state". Doe't ik der op in moaije july-middei hinne fytste hie ik it gelok net mei, der wie nimmen thús. Ik ha ris om it hûs hinne strúnd, in kear yn't bûthús en skuorre sjoen, in foto fan'e pleats makke, en bin doe op in hikke sitten gien to wachtsjen of der immen thúskaem. Mar al hwat kaem, gjin boer en ek gjin boerinne.

Wylst ik dêr sa siet to wachtsjen en nei dy mânske stjelp seach, kamen myn bernejierren my yn it sin; hjir hie ik foarhinne wol boarte, mei Jan de Groot, soan fan de boer dy't der doe wenne. Doe wie it noch in âlde pleats mei foarein en molkenkelder.

„Wûnder", sa tocht ik, „beide, sawol myn skoallefreon, as de âlde pleats binne der net mear, beide binne se troch in ûnk omkommen, de pleats yn 1912 troch brân en myn freon yn 1929 troch it fallen út in beam".

It wachtsjen duorre my to lang, ik bin fuort gien. In oare kear mar ris sjen.



Wiglemastate to Grou

Doe't ik der dan foar de twadde kear wer hinnegie wie ik bliid, dat de earste reis foar neat west hie. Hwat ik de earste kear mist hie, en hwat ik by de measte pleatsen mis, de namme oantsjutting op homeije of hikke, dat wie der nou. Der stie kreas op in boerd skildere, „Wichlemastate" en dat wie oan in beam spikere dêr hwer't ik it hiem opried.

„As dat nou kommen is fan myn geseur oer pleatsenammen, dan makket my dat bliid", tocht ik. Doe't ik letter mei de famylje De Vries hjir oer siet to praten fortelden se my dat de jongste dochter dit boerd makke en oan de beam spikere hie. Hulde!

„Wichlema" mei in ch sa skriuwt de lânhearre it mei in g yn de floreenkohieren. It sil wol wêze hoe't de amtner it foarhinne opskreau. De bilestingman sil it oars dien hawwe as de minsken dy't de forkeapakten opmakke hawwe. De pleats komt yn de floreenkohieren foar ûnder nû. 29 en yn de stimkohieren mei ien stim. Eigeners en brûkers hawwe west:

1640 Sytze en Djurre Idzes

1698 Siktaris Aggans Bruinsma tot Grou en oaren, Claes Fockes brûker.

1708—1718 as yn 1698.

1728—1738 Schepen Bourbon eigner; widd. Sybren Sybrens brûker.

1748 Selde eigner; Sybren Sybrens brûker.

1758 as yn 1748

1768 as yn1758

1778 as yn 1768.

1788 Doktoren Jacobus Frederich en Willem Augustijn Postumus v. Sloterdijk eigners, Sybren Sybrens widd. brûker.

1798 as yn 1788.

1818 Aletta Catharina v. Scheltinga; widd. M. v. Heloma eignerske, Wiebe Ruurds Nestra brûker.

1828 P. S. v. d. Velde en K. S. v. d. Velde eigners; P. S. v. d. Velde brûker.

1838 Selde eigners, Sybren Pieter v. d. Velde brûker.

1848 Pieter Sybrens v. d. Velde, eigner, Sybren Pieters v. d. Velde brûker.

1858 Abadius v. d. Velde eigner, Jan Adems de Groot, brûker.

Oant safier de floreenkohieren. Yn 1858 komme wy foar it earst de foarâlden tsjin fan de tsjintwurdige biwenners, mar dêroer nije wike.

d. H.



Sa réagearre de dochter fan Hette de Vries, boer yn it Hôflân by Grou, op de aksje om de nammen fan de pleatsen ek út to dragen. (d.H.)

Sa as ik de foarige wike al forteld ha wenne yn 1858 op „Wiglemastate" Jan Adems de Groot. De tsjintwurdige biwenners wisten út famyljeoantekeningen der noch it ien en oar oer to fortellen. Yn 1857 binne Jan Adems de Groot en Dieuwke Visser

der kommen to wenjen. Se hawwe der oant 1887 ta wenne. Doe binne se opfolge troch Adem Jans de Groot en Trijntje Jaarsma.

It wiene eigentlik âlde bikenden foar my. Yn myn skoallejierren wie ik bifreone mei de lettere biwenner, de soan fan Adem Jans, en mei him kaem ik noch wol ris by syn pake Jan Adems de Groot dy't to Grou yn 'e buorren wenne en dy't yn syn tún in âlde parrebeam hie, hwertroch wy foaral yn'e parretiid noch wol ris nei pake Jan omseagen.

Op „Wiglema state", dat doe noch in âlde pleats mei foarein en molkenkelder wie, kamen wy sa nou en dan op in frije woansdeitomiddei to boartsjen. Adem Jans de Groot en Tryntsje Jaarsma hawwe der oant 1917 ta wenne.

De nije boer wie Jan Adems de Groot en Richtje Zantema. Yn 1929 is dizze Jan Adams de Groot troch in ûnk om it libben kommen.

De nije boer en boerinne hawwe Johannes Hettes de Vries en Dieuwke Adams de Groot west. Hjir komt de namme De Vries, mar de famyljebân De Groot bliuwt bistean, hwant Dieuwke de Groot har mem wie in dochter fan Jan Adams de Groot en Dieuwke Visser; de earsten fan dizze famyljenamme dy't hjir wenne hawwe. Joh. Hettes de Vries is yn 1934 forstoarn. Syn frou hat mei help fan har soan Hette noch troch buorke oan't 1938 ta en yn dat jier binne de tsjintwurdige biwenners Hette Joh. de Vries en Imkje Hofstra der boer en boerinne wurden, nou wer holpen troch in soan.

Sa is hjir fan ien famylje it fierde geslacht oan it biwâld en helpt it fiifde mei.

Dat „Wiglema" en dizze famylje har ien fiele sprekt út alles, as men mei harren sit to praten oer de pleats en famylje en myn winsk is dan ek dat dy bân noch lang biwarre bliuwe mei.

„Wiglema" is 80 pounsmiet great en der wurde 30 melkekij hâlden. Eigener is nou dr. A. L.C. Schmidt út Rotterdam. As ik goed ynljochte bin moat ek foar dizze eigener der in famyljebân lizze fan mear as ir ieu, hwant yn 1828 wiene eigeners P. S. v. d. Velde en K. S. v. d. Velde. Dit moatte foarâlden west hawwe fan de tsjintwurdige eigener syn mem dy't har Buringa skreau.

As dit sa is dan rint de bân fan de eigener fan „Wiglema" 135 jier en dy fan de boer 105 jier.

d.H.